



Nijsbrief 2
april 2021

Yn dizze nijsbrief:
Plannen foar 2021

It jier 2020 waard ôfsluten mei in presintaasje fan it boek *Marten Groenhof, boer/skilder yn It Heidenskip yn it doarpshûs 'It Swaeigat' yn It Heidenskip*. Troch de koroanamaatregels koene likernôch 30 minsken derby wêze. It earste eksimplaar fan it boek wie foar de boargemaster fan de gemeente Súdwest-Fryslân, frou Jannewietske de Vries. It earste eksimplaar fan it 'sketsboekje' fan Marten Groenhof wie foar Hylke Speerstra. De earste printinge fan beide boeken wie mei fjouwer wiken al útferkocht. Underwilens is de twadde printinge al yn de hannel.



Yn oparbeidzjen mei de Aldheidkundige Feriening Warkums Erfskip wurdt op dit stuit in útstalling tarieden fan Groenhof syn skilderijen yn it eardere gemeentehûs fan Warkum. De iepening is noch net buorkundich te meitsjen om't dat ôfhinklik is fan de koroanamaatregels. By de útstalling sil in doaske te keap wêze mei ôfbyldings fan skilderijen fan Groenhof. It giet om acht dûbeltearde kaarten fan fjouwer skilderstikken, twa fan elk dus, en ek acht kefertten. It doaske hat op it omslach in foto fan in skilderij fan Brânburren en in doaske kostet 8,95 euro. Ek yn (boek)winkels te keap en by Warkums Erfskip.

Utgjouwerij DeRyp hat hiel wat plannen foar 2021. Oft alles ek sa rint sa't de útjouwer it yn 'e holle hat, is yn dizze tiden fansels net hielendal wis. Sa stiet lykas it ôfrûne jier de útjefte fan it toanielstik *It grutte swijen* op priemmen. De útjefte befettet de trije monologen dy't Ytsje Hettinga foar lokaasjeatergroep Sult skreau nei oanlieding fan in dramatyske histoarje yn de winter fan 1944-1945 yn Koudum. Jan de Vries hat útsocht wat der doe bard is. Yn *It grutte swijen* komt net allinnich de teätertekst fan Ytsje Hettinga, mar ek it ferslach fan Jan de Vries. De útjefte stiet no plend foar oktober, as it stik – einlings – spile wurde sil.

Fan Ytsje Hettinga ferskynt ek nei fjirtjin jier wer in nije bondel mei Fryske ferhalen. It binne koarte en sels ultrakoarte ferhalen dy't him meastentiids ôfspylje yn in Frysk fermidden, al bedarje har haadpersoanen ek wol yn Azië of Afrika. De titel fan de ferhalebondel wurdt *Hiemhûn en oare ferhalen* en sil útkomme yn de simmer.

Utgjouwerij DeRyp joech al trije dichtbondels út fan ien fan Fryslâns grutste hjoeddeiske dichters Abe de Vries. Hy debutearre yn 2002 en nei tsien dichtbondels - en in Gysbert Japickspriis - fûn de útjouwer it wolris tiid foar in twatalige (Frysk en Nederlânsk) blomlêzing mei in goed oersicht fan syn wurk. Under de titel *Ik haw myn kobist fêstbûn oan in appelbeam* sil de blomlêzing yn july ferskine.


Nije Fryske poëzij komt der ek, skreaun troch Erik Betten. Betten wie mei syn Nederlânsktalige thriller *Quarantaine* yn 2018 syn tiid foarút. As histoarikus en sjoernalist skreau er dêrnjonken boeken en artikels oer skiednis, lânskip en kultuer. Mar dit jier sil er – by Utjouwerij DeRyp - debuteare as dichter yn it Frysk. Syn bondel *Palimpsest* wurdt nei alle gedachten yn 'e hjerst presintearre.

Ek yn it neijier fan 2021 sil der in berneboek komme fan Grietje Huisman: in printeboek foar lytse bern dêr't Huisman sels de printen en de tekst foar makke. Yn oktober stiet plend *De 13 fan Obbe Sjutsje* fan Goatsen van der Vliet. It is in histoarysk boek oer de nijsgjirrige húshâlding fan de

Postma's fan de Tempelpleats yn 'e Sânfurdterryp yn de 20e iuw. Nei *Blikbuert* komt der in twadde Fryske oersetting van Jan Pieter Dykstra fan in novelle fan de Amerikaanske skriuwer John Steinbeck. Dit kear fan it ferneamde boek *Of Mice and Men* (1937). Yn it Frysk hjit it yn 2021: *Mûzen en minsken*.

Yn de simmer publisearret Utjouwerij DeRyp in keunstboek oer it wurk fan Gosse Koopmans, mei in ynlieding (yn it Nederlânsk) fan Susan van den Berg, mei in Ingelske gearfetting fan Piet Rozemeijer Nzn. Wierskynlik krekt nei de simmer komt dan ek noch in tredde stripalbum fan *Kloris & Ko*. Mei tekeningen fan Theo Jaasma en tekst yn it Snekers fan syn broer Hessel Jaasma.

Utgjouwerij DeRyp is net allinnich drok dwaande mei de tarieding fan dizze útjeften. De útjouwer siket ek nei mooglikheden om de presintaasje fan de boeken mooglik te meitsjen. Dat sil allegear benammen ek ôfhingje dan de ûntwikkelingen op it mêd fan de koroana.



Noch te krijen titels fan DeRyp (sjoch ek ús [webshop](#)):

Marten Groenhof, boer/skilder yn It Heidenskip
Marten Groenhof – *De Krúspôllen* (reproduksje sketsboek)
Abe de Vries – *Blaumelly* (gedichten)
Waling Dykstra – *Folksskriuwer*. Proaza, besoarge en ynlaat troch Abe de Vries
Waling Dykstra – *Duvelskeunstner*. Gedichten, besoarge en ynlaat troch Abe de Vries
Eppie Dam (gedichten) en Johan Haanstra (schilderijen) – *Omstreken*
Skelte Siweris Braaksma - *It Blauwe Hûs* (stripboek)
Eppie Dam – *Tjilp!* Vogelgedichten met lino's van Lienke Boot
Eppie Dam – *Tsjilp!* Fûgelgedichten mei lino's fan Lienke Boot
Abe de Vries – *Opskuorgebieten* (gedichten)
Abe de Vries – *Brek dyn klank*
Gerrit Terpstra (schilderijen) en Eppie Dam (gedichten) *De Tafel*, Keunstkalinder/jierdeikalinder
Leo Sibrandus - *It libben fan Freark fan Hallum*. Út it Latyn oerset yn it Frysk troch Klaas Bruinsma
Peter Hein - *Rop my werom*. Tsjêbbe Hettinga en Burchwert
Elf steden, 11 verhalen. Ferhalen yn it Nederlânsk, Frysk of Stedsk
John Steinbeck – *Blikbuert*. Oerset troch J.P Dykstra Hzn